

# J. Wynia, Wurdum mei 11.59 m kening ljepper yn Winsum

## MACHTICH LJEPPERSFEEST MEI TŪZENEN MINSKEN

### Kroanprins T. Velstra fan Baerd ljepte noch in tomme fierder!

**MEI** IN MAJESTEITLIKE sprong fan 11.59 meter is sneontomiddel yn Winsum J. Wynia (25 jier) fan Wurdum kening-ljepper wurden. Tamme Velstra fan Baerd koe noch krekt in tomme fierder komme, mar it keningskip wie foar him net weilein. Mei syn sechtsjin jier is dizze hurdrider en keatsers dêr-

Noch altiten sit de Friezen it ljeppen yn it bloed. By't maitiid tsjogge de bern mei pols- of beantsjestok it fjild yn om to ljeppen. Ek dy fan de stêd. Dêrom koe by de jonges oant trettjin jier J. Andringa fan Ljouwert mei in sprong fan — pas op! — 8.38 meter de priis winne. Al sil er ek stêdsk prate, Frysk bloed streamt troch syn ieren, hwant hy ljept mei de fûleindigens sa't de soannen fan ús folk dat dogge as de eare op it spul stiet.

Dyselde fûleindigens makket elk syltochtsje ta in stille hurdsilerij, alle reedriden ta it riden om it hurdst mei in oar en sa wurdt elk potsje keatsen om to oefenjen ta in kriich. Soks ervet oer foar it folk yn syn gehiel en foar ûnderskate slachten yn it bistûnder. Men kin se der út de famyljes fan sylders, riders, keatsers en nou ek fan ljeppers. De jongste fan alle gearre wie it alve jier âlde famke G. Jongema út Dronryp, dochterke fan de kening fan 1957. In hiel licht famke, dat de smelste breedte (acht meter) fan de Sint Japik noch net oer koe. Hja sil der lykwols komme as it priisljeppen foar froulju tominsten bistean bliuwt. Dat stiet jit yn 'e klif, hwant der binne gaedliker sporten foar froulju en it ljeppen om prizen sil him grif ûntwikkelje fan formeits mei sensaesje nei sport mei prestaesje.

Soks is nou al to sjen. By de bêste ljeppers komt nea ien forkeard del. By de âlderein like min, mar dy ljept oars. Dy manlju witte krekt hoefier't har pols har bringe kin. Hja binne troch de jierren yn it fjild oefene en as hja — lyk as W. Hoekstra fan Wurdum — 52 jier âld binne, hoege hja de klean net út om in sprong fan 8.12 meter to meitsjen. Dêrmei helle er de priis net, hwant yn syn klasse koe J. Zwart fan Wergea (46 jier) 8.95 meter fier komme. Guon fan de âlderein binne yn de styl hwat frjemde ljeppers, mar hja bihearskje it en witte krekt hwat hja kinne.

By de jongerein is in hiel poarsje, dat soks net wit. Hja wolle to fier, sûnder dat de lea it opbringe kin. Foar it folk is dat it moaist, hwant dy mannen soargje foar de sensaesje. Hwat mear snoeken hwat better, as der ek mar goede sprongen makke wurde. Fan beide hat it omsittend laech sneon goed syn gerak krige, sûnder dat der ûngemakken út fuort kamen.

Dat wol oars maklik mei dy't by to min lichemsbihearsking der tofolle by opsette. Forknoffe of stikkene ankels en brutsen (minske)polns binne dan it gefolch. Sneon lokkich net yn Winsum, dêr't ûnder oanfiering fan de Miedema's alles op alles set wie om de boel sa goed mooglik ynoarder to krijen. Dat wie it, ek foar it folk, dat

wol fjouwer tûzen man sterk op mânske tribunes om de ljeppersarena siet. In kostlik gesicht yn it flagjende doarp, dat de pompeblêdden op 'e toer hie. It folk fan Fryslân siet sneon om de St. Japik yn Winsum; in tige meilibjend publyk, dat wit hwat der fortoand wurdt, omt elk ljepper kin.

It folk, dat ek wille hie om de fortoaning dy't de ljeppende studinten joegen en om

„frou“ Simen Sprong, dy't meidie omt har „man“ bihindere wie. En brocht de widdou Wipstra ek net de nedige fleur? Soks forsêftet de kriich hwat en hâldt de boartlikens der yn njonken de brike sprongen fan de ljeppers. To lang meije dy ûnderdielen oars net duorje, hwant it folk wol witte hwa't kening wurdt.

**D**e alderearste ljepper sprong der yn en de lêste ek. Dêrtusken waerden fan de likernôch hûndert ljeppers treflike en brike sprongen makke en oan alles hie it publyk syn greate nocht. By in greate sprong rôp it jûchhei, mar ek by in misser as it wetter heech opspatte, somtiden oer de mjitters hinne. En wer bleau J. Elgersma, dy't fan praetman Tetman de Vries foar de mikrofoan sa oanpriizge wie? In pear minuten bleau de Winsummer ûnder wetter. Der kaem ûnrêst ûnder it publyk, dat fan Tetman delbêdde waard, hwant ús freon siet rêstich ûnder it stalt yn in soartemint dûkersklok, dy't er nachts yn alle stilte makke hie. Der moat in grapke by, wier. Dêrom ek krige er foar syn prestaesje in polsstok.

Hoe goed it sneon yn Winsum wie, leart it feit dat it folk oan de ein ta bleau yn. De spannende ein, mei in folsleine stilte om de arena. De fiif bêsten fan de jierren njoggentjin oant en mei tritich ljepten om it keningskip; út de fiif bêsten fan 16, 17 en 18 jier moast de kroanprins komme.

Mei kening L. van der Sloot fan forline jier soe it fuortdaliks wêze. Oft er nou de jint to lang naem of dat de wente fan J. Kuipers — oars in goed ein fan it wetter ôf — syn oanrin to koart makke, is gjin útmakke saek, mar in feit is, dat de kening fan syn troan yn it wetter bidarre. Dat is in ekstra'tsje by it keningsljeppen. Lyk sa de sprong, dy't P. Zwart fuortdaliks dêrop makke. Syn 11.53 meter — 28 tomme minder as wyks tofoaren yn Bolswert — like ûntoantaestber. Ek yn de twadde omloop koe Van der Sloot him net bidrige, al ljepte hy 11.41 meter, dus tachtich tomme mear as forline jier syn keningsprong. J. Wynia kaem as lêste en sette himsels op 'e troan. In greate forrassing, hwant mei 11.59 meter ljepte er 44 tomme fierder as efkes earder yn syn klasse, dêr't er op it fyfte plak kaem.

foar yn it ryk fan de ljeppers to jong. Keningen hearre mounich to wêzen en dat binne ljeppers fan njoggentjin jier en âlder. Njonken de kening mei hy dus kroanprins neamd wurde.

*Keningen, prinsen en net oars, hwant kampioen is fierstento gewoan. Kampioenen wurde makke troch elke dei sa lang en net langer to oefenjen, binnen- of bûtendoarren. By kampioenen heart in forsoarger, dy't har ek geastlik oanfiteret en dy't der om tinkt, dat hja dit al en dat net lte, sa bitiid op bêd geane en sa let der wer ôf komme. Keningen en prinsen lykwols wurde berne. It sit him yn it bloed en it is in kwesje fan erlikens.*

Noch wie it spul net dea. Fuortdaliks dêrop klom Tamme Velstra heech yn de pols, hinge efkes stil boppe it wetter en smiet him doe ûnder lûd jûchhei fan it folk nei de 11.60 meter, de greateste sprong fan de deil

Net fan alle tiden, hwant de pleatselike sitewaesje bipaelt mei de sprong. De technyske taris yn Winsum wie boppe alle lof forheven. It doarp mei dan gjin yndustrykearn wurden wêze, it is de kearn fan it fierljeppen. Sûnder de lju fan de yndustry soe it dat tinklik lang sa goed net wêze kinne. In biwiis dat in yndustry, dy't syn plak middenmank it folk wit, net allinne fan greate bitsjutting is foar it deistich brea, mar ek foar al it oare, dat it libben de muoite wurdich makket.

*Winsum en Fryslân ha sneon in bjusterbaerlike dei hawn. Miskien komme der om de kroaning fan de kening ekrls hwat symboalen, lyk as by it keatsen. It ljeppen mei in Fryske flagge oan de pols foar film, televyzje of in yllustrearre blêd hoecht dêr dan net by, hwant dat is de geaerlike kant it neist.*

De útslaggen fan it ljeppen yn klassen wiene:

**Klasse I** (o.e.m. 12 jr): 1. J. Andringa, Ljouwert 8.38; 2. K. Bakker, Birdaerd 8.20; 3. S. Bakker, Winsum 8.02.

**Klasse II** (o.e.m. 15 jr): 1. W. van der Meer, Bears 9.73; 2. P. Spoelstra, Stiens 8.77; 3. C. van der Velde, Winsum 8.52; 4. S. Miedema, Winsum 8.48; 5. G. Bakker, Winsum 8.48.

**Klasse III** (o.e.m. 18 jr): 1. G. Falkema, de Jouwer 10.78; 2. T. Velstra, Baerd 10.72; 3. J. Terpstra, Stiens 10.68; 4. S. Hoekstra, Winsum 10.51; 5. K. Dykstra, Mounlein 10.45.

**Klasse IV** (o.e.m. 30 jr): 1. L. van der Sloot, Winsum 11.55; 2. P. Zwart, Wergea 11.25; 3. J. Sjoerdsma, Grou 11.23; 4. K. Hellinga, Winsum 11.19; 5. J. Wynia, Wurdum 11.15.

**Klasse V** (o.e.m. 40 jr): W. Abma, Jidskenhuzen 10.82; 2. H. Kappe, Wommels 10.10; 3. A. Bijlsma, Venlo 9.83.


**Klasse VI** (boppe de 41 jr): 1. J. Zwart, Wergea 8.95; 2. F. Ozinga, Drachten 8.83; 3. H. Anema, Wytmarsum 8.13.

**Froulju**: 1. A. Spykstra, Wergea 8.67 (kampioene); 2. M. Bakker, Birdaerd 8.37; 3. A. Bakker, Birdaerd 8.32; 4. J. Hoekstra, Wurdum 8.03.

**Studinten**: 1. A. Breeuwmsma, Wommels 10.05; 2. J. Abma, Aldegea W 9.40; 3. J. Kiestra, Koufurderrige 9.13.

**Kampioenskip**: 19 o.e.m. 30 jier: 1. J. Wynia, Wurdum 11.59; 2. P. Zwart, Wergea 11.53; 3. L. van der Sloot, Winsum 11.41; 4. K. Hellinga, Winsum 10.85; 5. J. Sjoerdsma, Grou 10.23.

**Kampioenskip**: 16 o.e.m. 18 jier: 1. T. Velstra, Baerd 11.60; 2. G. Falkema, de Jouwer 11.47; 3. J. Terpstra, Stiens 11.34; 4. K. Dykstra, Mounlein 10.77; 5. S. Hoekstra, Winsum 9.97.



*De pols stie efkes stil rjucht oerein en Tamme Velstra fan Baerd klom as in aep nei boppe — hokker kant soe der oerfalle? Rjucht foarút; it waard de sprong fan de dei, 11.60 meter!*